

# DOARPSNIJS

Nûmer 499

oktober 2025

## KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

### De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer korrespondint om útiens 06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlansdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wisebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



### It bestjoer fan Doarpsbelang:


Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
<a href="mailto:Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com</a>		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830
Joop de Vries	Lyklamawei 15	0645747202
Henk Bokma	Omrin 11	0610054393

E-mailadres buertplysje: [patrick.bottinga@politie.nl](mailto:patrick.bottinga@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)  
Wykbehearder gemeente: [r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl), [0620548535](tel:0620548535) of  
[www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## STOARN

Frans Hoogervorst op 9 oktober 2025 yn Balk. Hy wie 83 jier.

## BERNE



Op 2 oktober Thijmen, soan fan Jurjen en Femke Postma, Wissebuurt 2

## SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

*Vrijdag 31 oktober*

*Vrijdag 28 november*

**In december is er geen snackavond in verband met kerst**

## OMGEVINGSPLAN BUITENGEBIED ZUIDWEST-FRYSLÂN

Wat vindt u belangrijk voor het gebied rond Oudemirdum, Elahuizen en Nijemirdum?



De gemeente is bezig met een wijziging van het omgevingsplan voor het buitengebied Zuidwest-Fryslân. Dit is het gebied dat vroeger bij Gaasterlân-Sleat hoorde. Waar staan wij minicampings toe en hoe groot mogen die zijn? Mag een agrariër een boerderijwinkel

hebben? Laten we in dit landschap windmolens en zonnepanelen toe? Zo zijn er nog veel meer vragen die we voor dit buitengebied moeten beantwoorden. Hierbij willen we ook graag van u weten: wat moet er blijven zoals het is? En waar zou u dingen anders willen zien?

U kunt uw mening on der andere geven tijdens twee inloopavonden:

- **Donderdag 23 oktober**, 19.30–21.30 uur in **dorpshuis MFC it Klif (Oudemirdum)**
- **Donderdag 13 november**, 19.30–21.30 uur in **dorpshuis Us Nije Gea (Elahuizen)**

Aanmelden is niet nodig. U kunt gewoon bij ons binnenlopen. We leggen uit wat we van plan zijn en luisteren naar uw ideeën.

## FRIESE RIJDERS

Friese Rijders schalen hulp naar Oekraïne verder op  
**Konvooi op klompen naar crisisgebied.**

Haulerwijk - **Haulerwijk, september 2025** – De oorlog in Oekraïne gaat een nieuwe, hardere fase in. Langs de **NAVO-grens** zijn de laatste tijd duidelijke ontwikkelingen zichtbaar, en burgers worden steeds vaker getroffen door drone- en raketaanvallen. De nood aan voedsel, warmte en medische hulp groeit. Stichting De Friese Rijders – in korte tijd uitgegroeid tot een van de grootste Nederlandse initiatieven voor hulptransport – schaaft daarom verder op. Met een vaste transportlijn naar Ternopil, Kiev en Odessa en in nauwe samenwerking met de Open Door Foundation werden inmiddels meer dan **1 miljoen** mensen geholpen met voedselpakketten, medische hulpmiddelen en noodgeneratoren.



### **Delegatie ter plaatse – van inzamelen naar gericht leveren**

Vorige week reisde een delegatie van 20 vrijwilligers naar Ternopil met twee vrachtwagenladingen hulpgoederen; ook de bus was, naast vrijwilligers, volgeladen met hulpgoederen. Eén van die vrijwilligers is **Douwe Prins**.

Eén vrachtwagen bleef achter en is geschonken aan lokale hulpverleners om transport binnen Oekraïne mogelijk te maken.

*Oprichter **Arnaud Dijkstra**: “Door onze aanwezigheid ter plekke weten we precies wat nodig is. Onze lijnen met lokale partners, politie, defensie en overheid zijn sterker dan ooit. Daardoor **zamelen we gericht in** en komen **de juiste goederen op de juiste plek.**”*

*“Normaal pak ik dozen in, in ons pakhuis in Haulerwijk,” zegt de gepensioneerde vrijwilliger Adry. “Maar nu zag ik met eigen ogen in welke ellende onze spullen terechtkomen. Dat raakt.”*

## Oorlogswinter op komst – steun is cruciaal

Met de **spanningen langs de NAVO-grens** en aanhoudende aanvallen **neemt de druk op burgers toe**. De Friese Rijders bereiden zich voor op **grootschalige winterhulp**: warmte- en energievoorzieningen, voedselhulp en medische ondersteuning.

**Oproep aan Nederland**: help mee – met **donaties in geld of goederen, media-aandacht** en **uw netwerk**. Iedere bijdrage telt.

## Over Stichting De Friese Rijders

Sinds 2022 rijden De Friese Rijders met een structurele konvooilijn hulpgoederen naar Oekraïne. De stichting werkt met vrijwillige chauffeurs, planners en inzamelaars en financiert haar werk uit giften en partnerschappen.

## Perscontact

**Arnaud Dijkstra** – oprichter, Stichting De Friese Rijders

T: 06-50469899 | E: [arnaud@frieserijders.nl](mailto:arnaud@frieserijders.nl)

## KLAVERJASTOERNOOI

Doarpshus Nijemardum organiseerd:  
Klaverjastoernooi op zondag 28 december.

We spelen in 7 rondes om mooie prijzen en natuurlijk de wisselbeker.

Inloop vanaf 14.00 uur

Aanvang: 14.30 uur

Einde ca. 22.30 uur

Kosten € 20,- pp (koffie, koek en warme maaltijd)

Opgave:

*Hendrik Postma* 06-15601464 [hendrik@buma.com](mailto:hendrik@buma.com)

*Wiebren Hoekstra* 06-18854056 [hoekstraww@gmail.com](mailto:hoekstraww@gmail.com)



**Klaverjassen**

## IT SKETSHÛS

“It SketsHûs Nijemardum” Tekenjen foar elkenien.

Woensdag 8 oktober heeft de eerste bijeenkomst plaatsgevonden van het SketsHûs. Initiatiefnemer is Rianne Witteveen. Rianne is beeldend kunstenaar en grafisch ontwerper en woont in Nijemardum.

Ik was gelijk enthousiast toen ik de flyer van het SketsHûs voorbij zag komen. Ik dacht “wie wil er nu niet tekenen” en daar door een professional in geholpen worden. Dan slaat de twijfel toe is dit wel iets voor mij, waarom zou ik dit doen, tekenen is voor kleine kinderen etc.

Kom op John doe eens gek en laat je niet kennen. Buurvrouw Anna was ook nieuwsgierig en enthousiast dus op de eerste avond liepen we naar het Doarpshûs. Gelijk een hartelijk ontvangst in het voor-café, alle spulletjes om te tekenen, potloden, gummetjes, papier en boeken ter inspiratie lagen klaar. En niet alleen Anna en ik waren van de partij, er waren meerdere dorpsgenoten. Rianne zelf gokte op 3 a 4 personen maar hoe mooi we waren met ongeveer 12 enthousiaste tekenaars. Twee tafels vol beginnende en gevorderde van Gogh 's. Na een korte introductie en welkom kregen we het eerste thema om te tekenen. “Tekenen in licht en schaduw”.

Rianne laat je vrij hoe je dit aanloopt, van een boom tot vlinder een kubus of het tekenen van je eigen kat, alles is oké. Onder het genot van een kop koffie of thee vorderde de avond zeer vlot, Rianne geeft geregeld kleine tips om je werk te verfijnen en je andere inzichten te geven.

Wat een avond, leuke gesprekken, lekker bakkie en een ervaring rijker.

Wil je ook tekenen en gezellig samen met je dorpsbewoners en naar huis gaan met een van Gogh onder je arm. Kom dan naar de volgende sketshûs-avond in het doarpshûs.

Oant sjen,

*John van Gogh (de Ruitser)*

Ben je ook enthousiast na het lezen van het bericht van John?

**12 november** is de volgende tekenavond. Hoe of wat je tekent...Of je van jezelf vindt dat je niet kan tekenen.... kom en ontdek hoe ontspannen en gezellig het is.

Tip; neem een foto/afbeelding uit een tijdschrift of krant oid mee.. iets wat je aanspreekt en wat je zou willen tekenen. Niets hoeft of moet.  
Ik zorg, voor wie wat inspiratie wil, voor een thema. Maar ook potloden, papier en boeken ter inzage.

Extra deze ronde:

Fineliners mee.

Voorbeelden van verfijnde bloemencirkels

Voorbeelden van droedelen -

Een boekje over Handlettering

12 november 19-21 uur, € 5,00 incl een kopje koffie of thee en materiaalgebruik

*Groetnis, Rianne Witteveen*

ps, stuur even een mailtje naar [riannepprintmaker@gmail.com](mailto:riannepprintmaker@gmail.com) als je wilt komen.  
Geen mail, maar je wilt wel komen? Stuur een berichtje naar 06-14714314 of een briefje door de deur: Wytlânsdykje 10, Nijemirdum

**December is er geen SketsHûs. In januari 2026 weer.**

## **OPBRENGST COLLECTE BRANWONDENSTICHTING**

De collecte van de Brandwondenstichting, gehouden van 5 t/m 12 oktober, heeft in Nijemirdum opgebracht het prachtige bedrag van € 387,76  
hiervan ging € 24,00 via de QRcode  
Collectanten en gevers, ook namens de Brandwondenstichting,  
heel heel hartelijk dank!!

*Jannie Feenstra- de Jong*

## **WA BIN IK?**

Diskear wer ien mei twa fingers yn 'e noas  
! Wat in protte goede oplossings nl.

...**Klaske Zwart** !

En dat sit sa : Sinteklaas komt yn desimber  
del, mar as wy fan him in lyts wyfke  
meitsje is it  
in Klaske.

Sy struit nûtsjes yn de donkerste kleuren  
en dan bedoele wy de kleur "Zwart".

Bepesizzer Marrit fan 4 wie diskear de  
notaris en helle de namme fan Douwe  
Stellingwerf út de hege hoed.

Sy fûn in droege woarst wol in rare priis.

"Beppe, asto in earste priis winst, dan krijst in medalje" .....Jaah Marrit, do hast  
gelyk, mar ik tink dat Douwe krekt sa wiis is mei in droege woarst!

En dan no dizze mar probearje !

**Dit wyfke struit yn**

**desimber nûtsjes**

**yn de**

**donkerste kleuren**

**Dit bist swimt**

**mei de kamera**

**achter alle**

**nijtsjes oan**

Belje jimme oplossing nei nr.571880

Of mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail .com

*Jantsje*

## DE PLAYBACKSHOW



Wy wolle jim allegearre bedanke foar it kommen. It wie wer in gesellige jûn mei jong en âld talint op it poadium. De oare kear hoopje wy ek op wat mear âlde lju!

De prizen wienen as folget ferdiel:

Publykspriis: Nynke, Julia & Gebrich mei it ferske "10.000 luchtballonnen" fan K3.

1e priis: Ilse & Eline mei it ferske "Music" fan Stay Tuned.

2e priis: Elbrich, Marit & Margriet mei it ferske "Atlas" fan Pommelen Thijs.

3e priis: Dewi mei it ferske "Vette boeren" fan Jorieke Sterken.

It wie allegear top regele mei it Doarpshûs, Garant Zaden en de minsken dy't ús holpen ha. Hooplik sjogge wy jim takom jier wer!

Groetnis

*Ylse en Iris*



# DOM PROJECT

## Hoe staat het eigenlijk met het DOM project?

We zijn inmiddels alweer een tijdje onderweg met 3 werkgroepen om te onderzoeken waar we Nijemirdum verbeteringen kunnen realiseren. In dit nummer van Doarpsnijs praten we u bij over de werkgroepen leefgeluk en toerisme.

### **Werkgroep leefgeluk**

De werkgroep Leefgeluk zet zich in voor drie thema's die Nijemirdum nog veiliger, leefbaarder en meer verbonden zouden kunnen maken.

### **Dorpshuis**

Een deel van het DOM budget wordt door de lokaalvereniging besteed. Hiermee zijn zij, in nauw overleg met de werkgroep, aan de slag gegaan om te kijken hoe het dorpshuis qua ruimte efficiënter kan worden benut. Het Dorpshuis wordt al volop benut. 's Avonds door verschillende verenigingen en andere activiteiten en overdag door het kinderdagverblijf. Om al die activiteiten te kunnen ondersteunen in het bieden van de benodigde ruimte, moet er regelmatig van de boven ruimtes gebruik worden gemaakt. Deze zijn momenteel lastig te bereiken. Met een architect wordt bekeken hoe deze ruimtes beter bereikbaar kunnen worden gemaakt. Hiernaast onderzoeken zij ook de mogelijkheid hoe het bargedeelte eventueel anders ingericht zou kunnen worden. Inmiddels heeft de lokaalvereniging wel al een mooie scheidingswand in de grote zaal gerealiseerd om tegemoet te komen aan de wens tot uitbreiding van het kinderdagverblijf. Hiermee is tevens de mogelijkheid ontstaan om hier kleinere activiteiten te faciliteren.

### **Veiligheid Lyklamawei.**

De Lyklamawei is een belangrijke doorgaande route door ons dorp. Hier wordt regelmatig te hard gereden en dit kan voor onveilige situaties zorgen. Zeker bij de basisschool waar met name bij het halen en brengen van kinderen vaak onoverzichtelijke situaties kunnen ontstaan. Maar ook het dorpshuis waar regelmatig activiteiten plaatsvinden wordt hierin meegenomen. Samen met de gemeente hebben we dan ook naar gekeken, hoe we de weg zo kunnen inrichten dat het verkeer vanzelf langzamer rijdt en beter rekening houdt

met voetgangers en fietsers. Zo worden er een extra wegmarkeringen rondom school aangebracht, om visueel duidelijk te maken dat hier een schoolzone is. Hiermee vergroten we de aandacht en voorzichtigheid van automobilisten juist op deze plekken waar het het meest nodig is. Het ontwerp van de weginrichting kunt u alvast online bekijken, maar zullen we tijdens de jaarvergadering van Dorpsbelang ook aan u presenteren; <https://nijemirdum.nl/concept-ontwerp-lyklamawei/>

### **Ontmoetingsplek Dorpshuis**

Het gebied tussen het Dorpshuis en de Kerk is een centrale plek in Nijemirdum. Sinds de komst van het kinderdagverblijf is de ruimte achter het dorpshuis niet langer inzetbaar voor het parkeren van auto's.

Met het DOM project zien we een mooie kans om de ruimte tussen kerk en dorpshuis eens opnieuw te bekijken. Met het beschikbare budget hebben we de mogelijkheid om eventueel een professional in te huren. Hoe zouden we dit gebied anders kunnen benutten en aantrekkelijker maken voor iedereen? Hou zouden we hier bijvoorbeeld een soort hart van ons dorp kunnen creëren, waar mensen elkaar kunnen ontmoeten, even kunnen zitten en waar activiteiten tot leven komen.

Om ideeën op te doen en de mogelijkheden te verkennen, hebben we als werkgroep inmiddels de opleiding Stedenbouwkunde aan de NHL Stenden benaderd of zij ons willen ondersteunen hierin. Daarnaast heeft ook de gemeente aangeboden ons te willen helpen, in de vorm van een stage opdracht. De opdracht wordt het ontwerpen van een praatplaat, om zo een inspirerend beeld te krijgen van wat er allemaal mogelijk zou kunnen zijn met dit plein. Een praatplaat om samen met het dorpshuis, de kerk én met jullie (het dorp) in gesprek te gaan over wat we hier kunnen realiseren.

### **Werkgroep toerisme.**

Uit de brainstormavond over het onderwerp toerisme kwam onder andere naar voren dat er behoefte was aan een makkelijk vindbaar en toegankelijk wandelpad door en rond Nijemirdum. Hiermee gingen Jelle Siemonsma, Tanja Adriani, Gauke Witteveen en Jellie Zijlstra aan de slag.

Wat zou het mooi zijn als we ervoor konden zorgen dat er niet alleen een mooi wandelpad kwam maar dat we dit ook konden combineren met het meer

zichtbaar maken van de geschiedenis van Nijemirdum. We zien veel toeristen door Nijemirdum heen rijden zonder het dorp echt te ontdekken en kennen we als dorpsbewoners eigenlijk zelf wel onze dorpsgeschiedenis?

Hiervoor kwam de werkgroep uiteindelijk in aanraking met de MeAR Fryslân-



app. In deze app staan binnen onze mooie provincie allemaal routes met een beleving. Deze ruim 200 verhalen

maken gebruik van “augmented reality” en het bleek mogelijk te zijn om een wandeling in Nijemirdum toe te voegen. Tijdens de wandeling komen er bij bepaalde punten filmpjes naar voren waarin een historisch verhaal of een bijzonder punt wordt gespeeld of benoemd. Voor het ontwikkelen daarvan hebben we u als dorpsbewoners straks nog hard nodig....

Uiteraard is dit niet “zo maar” geregeld en zijn er kosten aan verbonden. De werkgroep heeft hiervoor inmiddels een subsidie aangevraagd bij het Iepen Mienskipfûns Fryslân. In december hopen we te horen of we hiervoor in aanmerking komen. We houden u op de hoogte van de ontwikkelingen!

Nieuwsgierig hoe zo'n app werkt en wat je ziet? Scan dan de QR code



of installeer de MeAR Fryslân app in de App Store van uw telefoon.



*Dorpsbelang*

## UNDERWEIS

As korrespondint om utens ha ik de ien nei lêste gearkomste fan de redaksje bywenne. Neist it bypraten en alle nijtsjes útwikseljen, hie ik ek in oar doel of better sein, in fraach. Wat kin ik noch foar it doarpskrantsje betsjutte no 't ik net mear yn Nijemardum wenje? "Giest ek wer ris op reis?" waard my doe frege. En litte wy no krekt begjin septimber in reis nei it noarden fan Spanje op de planning stean ha." Miskien kinst dêr oer skriuwe?"  
No, toe dan mar.



It begjint in bytsje op in ferslaving te lykjen. Ast ien kear in camino (pylgerreis) rûn hast, wolst wer.

Wy ek. Al trije kear earder ha wy ûnderweis west yn Spanje. Underweis nei..... Ja, dat makket úteinlik net safolle út. De rûtes geane allegear wol nei Santiago de Compostella, mar dat wie foar ús no gjin doel. Johannes woe graach de noardlike rûte rinne, by de kust del. Dat like my ek goed ta, dus begjin septimber binne wy mei it fleantúch nei Bilbao gien. In grutte stêd mei in prachtich museum, it Guggenheim Museum, dat wy beslist in kear besykje moasten. Fan bûten is it museum al ymposant. In soad 'bling bling'. Der steane ek skitterjende

keunstwurken bûten, lykas in enoarme spin en in blommige puppy. Om de yngong te finen wie ek noch in hiele poepetoer. In tizeboel fan minsken as wy ien kear troch de doar hinne binne. Wy jouwe ús rêchsekken ôf en keapje in kaartsje en omdat wy boppe de 65 binne, krije wy 50% koarting. Dat is foar it earst dat wy foardiel ha fan it âlder wurden. Wêrom soe dat wêze? Binne wy earder wurch, dus earder wer bûten, sadat der wer plak is foar nije besikers? Of earder wurch dus earder ferlet fan iten en drinken en dus earder yn it restaurant? It bliuwt in riedsel.

Wy fernuverje ús oer de keunst; wy rinne earst troch in grut izeren doalhôf. In etaaasje heger hingje allegear skilderijen. Moderne keunst. Earlik sein fyn ik de skilderijen fan Jopie Huisman moaier. Ik soe dizzen net boppe de bank hingje. Mar smaken ferskille, gelokkich mar. De boppeste etaaasje fyn ik it moaist. Dêr hinget in enoarm grut muorrekleed, makke fan bierdoplipkes en kopertried. De ' Rising Sea' is 14 by 7 meter en de Afrikaanske keunstner El Anatsui warskôget hjirmei dat it net goed komt mei it klimaat. Genôch oer dit kultuerele útstapke. Dêrfoar binne wy net nei Spanje ôfreizge.



De oare deis leverje wy ús koffers ôf by de baalje fan it hotel, dogge ús rêchsekken op, pakke de stokken yn 'e hân en sette ús reis útein. It is no al waarm en it wurdt allinnich mar waarmer, sa' n 37 graden. Net myn temperatuer mar ja, wy sille dochs nei ús bestimming moatte. Dan mar wat faker pypskoft hâlde en sa komme wy oan yn Portugaleta. Wy rinne in soad pro-Palestina-demonstranten tsjin it liif. Ek oan de oare kant fan it wetter steane se mei flaggen te swaaien en op it wetter farre boatsjes mei demonstranten. Der wurdt hantsjeklapt,

toetere en fluite. De plysje komt derby; ik fyn it suver wat beangstigjend. Wy hoege noch net nei ús hotel en traktearje ús sels op in frisse dûk yn see. Oan 'e ein fan de middei moatte wy de rivier Nervión oerstekke om by it hotel te kommen. Dat dogge wy mei de Puente Bizkaia. Dizze sweefbrêge is yn 1893 ûntwurpen troch Alberto Palacio, in learling fan menear Eiffel en dat is ek wol te sjen.

Wy útfanhúzje yn in moai hotel dêr't wy alles in plakje jouwe. Us heit syn pet, dy 't altyd meigiet as ik op reis bin, hingje ik oer de stokken. As ien tsjin him sein hie dat syn pet noch in kear yn Spanje bedarje soe, hie hy it net leaud. It is mar goed dat wy net alles fan te foaren witte.

Dei twa is ús doel San Julian, sa' n 15 kilometer fierderop. In soad hichteferskil en in soad fytsers, dravers en kuierjende minsken op de rûte. Sy binne ek allegear ûnderweis, allegear op harren eigen tempo.

Wêrhinne? It doel is net belangryk; it giet om de reis derhinne.

De tredde dei meie wy by de kust del rinne; wat in prachtich paad geane wy oer, net te beskriuwen, sa moai. Wat in útsicht! Wy steane wat faker stil en binne der ek stil fan. Wat is de skepping moai. Ast hjir in stoel delsette soest, bist nei 5 minuten 'zen'. Net allinnich troch it útsicht mar ek it lûd fan de rôljende weagen dy' t tsjin de rotsblokken stikken slaan. Pikefel.

As wy yn Mioño oanstekke, sitte de ynwenners dêr al lekker oan de wyn. It is ien oere yn 'e middei en gewoan moandei mar ek foar harren jildt: fier it libben. Wy hâlde it toch mar by kofje, wy binne noch net te plak. Nei 19 kilometer kinne wy ek efkes ûnderút. Moarn wer in dei.



Ferfolch oare moanne.....

---

## DOWN UNDER




Op 17 july 2024 stie ik mei ús heit en mem èn myn suske op Skiphol. Dêr begûn myn reis. Ik fleach fanôf Amsterdam nei Melbourne (Austraalje). Ik hie in work&holiday-fisum fan in jier en wist net hoelang 't ik fuort bliuwe soe..och dat sjogge wy fansels wol. Earst mar nei Ulke de Kleine yn Pirron Yallock, dat hie ik al regele. Ik ha sa'n trije moanne by him op de buorkerij oan it wurk west. Melke, melke.. en de keallen fuorje, dat wie in hiele ûnderfining. Akkommodaasje siet d'r by yn en de measte backpackers dy't dêr oan it wurk wienen kamen ek út Fryslân, dus dat wie maklik praten. Mids oktober bin ik dêr wei gien want ik woe wol graach wat mear fan Austraalje sjen. Dus een ticket boekt fan

Melbourne nei Cairns. Dêr begûn it backpacken fan de Eastkust mei in reis fan twa en heale moanne nei ûnderen nei Sydney. Nei it ferbliuw yn hiel wat hostels en yn de kunde kommen mei nije freonen bedarre ik yn Sydney. Dêr ha ik kryst en âld&nyj fierd mei in pear Hollânske freondinnen dy't ik ûnderweis moete hie. Nuver hear, om kryst en ald&nyj te fieren yn de koarte broek en in himke. It jild groeide my net op de rêch, dus ik hie wer in nij baantsje regele, no by in springstâl. Dy lei in oere fan Sydney ôf. Dat wie de moaiste tiid fan myn libben, ik tink dêr noch faak oan werom. Lekker de hiele dei bûten mei de hynders oan it wurk, moai waar, in soad ride, hiel leuke baas en kollega's. Wat wol men noch mear. Hjir ha ik trije en in heale moanne oan it wurk west en doe bin ik nei Ny Seelân flein. Pff ...dat wie wol efkes lestich hear: it fiede sa fertroud by myn wurk, dus it wie wol pittich om der ôfskied fan te nimmen en wer nei it ûnbekende ta te gean.... Wol hiel bliid dat ik dat dien ha, want wat is Nij Seelân in prachtich lân. Ik reizge mei de Kiwi-experience en hieltyd mei in groep fan ûngefear 13 minsken, dat wie sa leuk. Yn seis wiken ha we it Noarder- en Suder-eilân besjoen. Ek noch efkes by myn buorjunge Eddy oan west. Dy wie hielendal ferrast fansels. Neidat ik Nij Seelân besocht ha, kin ik wol sizze dat it myn favorite lân is. Ik wist al in pear moanne wannear 't ik wer nei hûs ta gean soe, en myn



suske Iris wist dat ek. Allinich myn âlders en freondinnen wisten dat net... Nei Nij Seelân ha ik noch in wike nei Bali west. Ik tocht: noch efkes de warmte opsykje. Op 3 juny 2025 lanne ik wer yn Amsterdam. Dêr stie Iris op my te wachtsjen, in momint dêr't ik wier nei útsjoen hie. Einlings wer werom nei Nijemardum. Wat wienen heit en mem en myn freondinnen "út 'e skroeven"! En ik ek. It fielde daliks wer hiel fertroud.

*Anouk Holtrop.*







Hjerst  
wat lytser  
de plu  
wat smûker  
de kuier

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe en Harm Willem Hielkema	Hielkemabouw
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/repairatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

## DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



## INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Waar:

t.b.v.:

Plastic doppen van flessen,  
tubes, potten en bussen

Fam. Strampel,  
Heaburgen 1

KNGF  
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en  
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,  
Hoitebuorren 18a

Stichting  
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/  
deksels/spuitbussen


Fam. Rienstra,  
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl

Inleveren van postzegels/  
Ansichtkaarten/  
geboortekaartjes  
en oude munten

fam. J. Veldman,  
Nij Amerika 8 en  
fam. Y. Wiersma,  
Omrin 1

Kerk in Actie



## AGINDA

31 oktober	Snackjûn doarpshûs, fanôf 17.00 oere
2 november	Hoekstien Fjoertsjinst 10.30 oere
5 november	Hoekstien Dankstond 19.30 oere
11 november	Miljeubus by de Toer fan 9.00 – 9.30 oere
12 november	Sketshûs yn doarpshûs 19.00 – 21.00 oere
13 november	Omgevingsplan doarpshûs fan Elahuzen 19.30 oere
16 november	Hoekstien 9.30 oere betinkingstjinst
19 novimber	koffiemoarn yn de Hoekstien
23 november	Hoekstien 11.00 oere tsjinst
28 november	Snackjûn doarpshûs, fanôf 17.00 oere + skuon opsette
29 november	Sinteklaas aktiviteit doarpshûs 17.15 oere
29 november	Sinteklaas + spultsjes fanôf 19.00 oere
7 desimber	Hoekstien Fjoertsjinst 10.30 oere
17 desimber	koffiemoarn yn de Hoekstien
28 desimber	Klaverjastoernoai Doarpshûs fanôf 14.00 oere

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op tongersdei 27 novimber

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 17 novimber**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)